

Utnûging kulturele kuier

It docht ús deugd jimme út te nûgjen foar ús tradisjonele kulturele kuier. We rinne ditkear (8km) yn de omkriten fan Blauhús en Greonterp. Underweis is der oandacht foar skiednis, lânskip en (eardere) puollen.

Graach

- foar 14 oktober oanmelde fia gerbenrypma@home.nl
- en bydrage €7,00 pp kontant betelje

Oant sjen,
Bestjoer Gerben Rypma Stichting

PROGRAMMA

Sneon 23 oktober 2021

- 13.15 oere Sammelje by de kafee De Freonskip yn Blauhús
- 13.30 oere Op nei Greonterp
 - Yn Greonterp, praatsje oer de histoarje fan it tsjerkhof
 - Troch it lân en oer hikken rjochting Tempelpleats
- 15.00 oere Pypskoft yn de golle fan de Tempelpleats
 - Kofje, tee mei koeke
 - Hjir fertelt histoarikus Harmen Akerboom oer lânskipseleminten en it ûntstean en nammen fan puollen rûnom de Brek en Greonterp.
- 15.30 oere Op nei Blauhús
 - Underweis lytse yntermezzo's
- 16.30 oere Kafee De Freonskip Blauhús
 - Feestlik romsitte yn ferbân mei 20 jier Gerben Rypma Stifting
 - De Gerben Rypma keamer mei 'huzen mei in ferhaal' is iepen.

P.S. Yn ús nijsbrief stie al ien en oar oer de kuier mar de plannen binne wizige omdat it boek 'De 13 fan Obe En Sjutsje' noch net klear is.